FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

140128.2.Steve Jobsschool

Oan: bestjoer & direksje fan de
Master Steve Jobsschool
Jancko Douwamastrj. 31, Snits
Korr. adres: Brédyk 4
8601 ZD SNITS

Drachten, 28-01-2014

Underwerp: *Frysk as fak en fiertaal op jimme skoalle (2de FFU-brief)*

Achte bestjoer & direksje,

Op 19 septimber 2014 hawwe wy as *Feriening Frysk Underwiis* (FFU) jimme in brief takomme litten, omdat wy gjin ynformaasje fan jimme kant fine koene dat it Frysk as fak/fiertaal in goed plak yn jimme skoalprogramma hat. Spitigernôch hawwe wy dêr gjin reaksje op krige. Mei't wy ús dwaande hâlde mei de posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis en de gefolgen foar it twatalich karakter fan ús provinsje, soene wy jimme jitris freegje wolle om ús foargeand brief te beäntwurdzjen. Dat brief hawwe wy hjir foar it gemak oan taheakke.

Kinne wy foar 1 maart 2014 in antwurd yn 'e mjitte sjen? It wol ús net oan dat in skoalle dy't wurkje wol foar de takomst, noch fêsthâldt oan de taalideology út de 19de ieu. Op in moderne basisskoalle krije de bern meartalich ûnderwiis mei it Frysk as in folweardige taal. Boppedat is it Frysk yn Fryslân ien fan de wetlike ferplichte talen en moatte der kearndoelen foar neistribbe wurde.

Op it Afûk-sympoasium fan 25 oktober 2013 hat direkteur J. Visser fan jimme skoalle ien en oar sein oer kommunikaasje yn de brede sin fan it wurd en dat der kânsen lizze foar it Frysk. As *Feriening Frysk Underwiis* (FFU) wolle wy graach op 'e hichte komme fan dy kânsen troch it ynsetten fan moderne middels. Fansels sil soks net sûnder foldwaande tiid en systematyk kinne om sawol de Frysktalige as de oarstalige bern optimaal te ûntwikkeljen yn (ek) Frysktalige kommunikaasje. Fierders is it yn in fleksibel ûnderwiissysteem wichtich dat alle learkrêften de Fryske taal (goed) behearskje**.** Op jimme webside hawwe wy der neat oer fûn, mar it is wol in betingst foar meartalich ûnderwiis. Benammen dat aspekt en de praktyk fan it ûnderwiis yn it Frysk yn it wykprogramma is doe yn Ljouwert net oan de oarder kommen.

It is faaks mooglik dat jimme in frijstelling fan 'e Provinsje oanfrege en takend krige hawwe. Mocht dat it gefal wêze, dan binne wy likegoed noch ynteressearre yn jimme beweechredenen om sa'n frijstelling hawwe te wollen.

As feriening dy't advisearret oer meartalich (basis)ûnderwiis, soene wy op 'e hichte komme wolle mei jimme oanpak. Mooglik kinne wy en oare skoallen dêr profyt fan hawwe. Wy tidigje op jimme reaksje.

Mei freonlike groetnisse,
foar de *Feriening Frysk Underwiis*
drs. Th. Dykstra, *foarsitter FFU*

drs. S.T. Hiemstra, *skriuwer FFU*

Taheakke: earste FFU-brief d.d. 8 okt. 2013